

Behâld Frysk en Frij bepleite yn harksitting

LJOUWERT - Der is justermiddei by de harksitting oer 'In ramt foar it keunstbelied fan de provinsje Fryslân 1987-2000' fan ûnderskate kanten pleite foar it behâld fan it wykblêd Frysk en Frij. Dat hold tagelyk in pleit yn foar it fuortbestean fan de provinsjale subsydzje foar dit blêd. Neffens de nije redakteur fan Frysk en Frij, drs. Goasse Brouwer, foldocht it blêd frijwol oan alle betingsten, dy't Deputearre Steaten yn '83 oan de útjouwer steld hawwe. Allinnich it tal lêzers bliuwt wat benefiter by de 7000 dy't DS as minimum oanhâlde. Der binne opheden goed 5000 abonnees.

Heine Keuning fan de kommisje 'Frysk en Frij moat der bliuwe' frege om in aparte nota foar it taalbelied, dêr't de posysje fan tydskriften en kranten en dus ek dy fan Frysk en Frij rejaal omtinken yn kriget. Keuning miende dat de betingsten fan '83 gjin „evangeelje” binne. „Fier fan dat”, sei er. Lykwols is der neffens Keuning ek te praten oer in nij blêd, dat in bydrage leverje kin oan de befoarderding fan it kulturele klimaat. Koart om 'e hoeke koe wat Frysk en Frij oangiet Gerben Wartena fan de Ried fan de Fryske Beweging. Al neamde er de passazje oer it wykblêd yn de nota ûndúdlik, foar him stie wol fêst dat it blêd syn subsydzje hâlde moat. „Dan kinne wy yn 2000 de saak wolris op 'e nij besjen”, sei Wartena.

Rindert Straatsma (Afûk) brocht de sutelaksje fan de stichting It Fryske Boek te praat. DS twifelje oan it rindemint fan de aksje en miene dat de saak kommersjeler oanpakt wurde moat. Straatsma wiisde op it neffens him grutte belang fan de aksje foar de distribúsje fan Fryske boeken. Hy wie fan betinken dat it subsidiearjen fan oersettingen him net beheine moat ta it toaniel. Ek Willem Abma (seksje literatuer Fryske Kultuerried) ferwachte net alle heil fan it 'merkmechanisme'. Dat soe it ferskaat fan wat der op de boekemark komt skea dwaan, tocht him.

It Kristlik Frysk Selskip protestearret yn in brief fan 18 jannewaris l.l. oan Provinsjele Steaten en de steatekommisje wolwêzen tsjin it foarnimmen fan DS de subsydzje oan Frysk en Frij mei yngong fan takom jier yn te lûken. It feit dat it tal lêzers op 5000 stykjen bleaun is is neffens it selskip in reden te mear om de subsidiearring fuort te setten. It blêd jout, is it selskipsbestjoer fan miening, begjinnende Fryske skriuwers en sjoernalisten in goede kâns om ûnderfining op te dwaan en set de minsken oan ta it keapjen fan Fryske boeken.

Emancipatiecommissie wil zelfstandig blijven

LEEUWARDEN - De Provinciale Emancipatiecommissie (PEC) voelt er niets voor om op te gaan in een nieuwe adviescommissie welzijn. Dat blijkt uit een ontwerp-advies van de PEC, dat waarschijnlijk binnenkort naar Gedeputeerde Staten zal verzonden.